

FRYSLAN OF FRYSWETTER?

Sa'tst grif wol witst, leit in grut part fan Nederlân ûnder seenivo (ûnder NAP). Dit jildt ek foar de provinsje Fryslân. As der gjin diken boud wienen, sieten no in soad Friezen ûnder wetter. Yn dizze opdracht sikest út oft ek dyn wenplak ûnder wetter komme soe.

Eb en floed

It wetter hat altyd in hiel soad útmakke yn Fryslân. De see hie der earder frij spul. Dat wol sizze dat it seewetter by floed it lân hieltyd oerstreamde. By eb spiede it wetter dan wer fuort. Ungefear fan it jier 1000 ôf feroare dit. Der waard doe besletten om diken te bouwen. Troch stikken see yn te dykjen waard besocht de see tsjin te hâlden en dêrtroch fruchtbere lânbougrûn te krijen.

Oerstreamingsgefaar

It slagge de Friezen stapke foar stapke om grutte stikken lân droech te lizzen. Mar de grûn dy't wûn waard, lei op in leger nivo as de al besteande grûn. It lei ommers ûnder seenivo. Ek begûnen de minsken yn Fryslân hieltyd mear turf te stekken. Troch it ôfgraven fan fean sakke de grûn. Hjirtroch lizze grutte parten

Wetter

Swiet en sâlt freon en fijân


fan Fryslân ûnder seenivo. Mar de diken fan earder wienen noch lang net sa goed as dy fan no. Oerstreamingsgefaar lei altyd op de loer. Kinst dy yntinke hoe't de minsken har doe field hawwe moatte?

Global warming

Trochdat de ierde hieltyd waarmer wurdt, raant it iis op de Noard- en Súdpoal. Hjirtroch komt teiwetter frij, dêr't it seenivo troch omheech giet. Dit hat ek gefolgen foar Fryslân. It betsjut dat de diken hieltyd better yn de gaten hâlden wurde moatte om foar te kommen dat it lân ûnder wetter komt te stean. Der hat yn ús lân sûnt 1953 gjin inkele oerstreaming mear west. Mar dit wol net sizze dat it noait wer barre sill!

wat bist nedich?

Atlas.



De kaart fan Fryslân seach der troch tal fan oerstreamingen earder hiel oars út; RACM & TNO



Yn 1825 stie it blauwe part fan Fryslân ûnder wetter; Zuiderzeemuseum



De Krystfloed fan 1717 wie de lêste grutte oerstreaming dy't mear as tsientûzen minsken it libben koste hat.


Opdracht

Do silst ûndersykje oft dyn wenplak ûnder seenivo leit. Besjoch earst it filmke op YouTube mei de namme 'Nederland zonder dijken':
http://www.youtube.com/watch?v=05LcPjQv_Is

1. Pak de atlas fan Nederlân of Fryslân en sykje op ynternet in kaart mei de seenivo's. Sa'n kaart wurdt ek wol in hichtekaart neamd. In foarbyld is te finen fia de link:
<http://www.geo-informatie.nl/geodesk/hgt-300dpi.pdf>
2. Sykje dyn wenplak op. Kinst dyn hûs fine? Besykje ek dyn skoalle te finen.
3. Binne dizze plakken boppe of ûnder seenivo? Op wat foar hichte lizze se?
4. Wat soe der barre as de see frij spul yn Fryslân hat? Oan watfoar kant fan de kustline soenen dyn hûs en dyn skoalle lizze? Yn it droege of yn it wiete part?
5. Wat soest dwaan as dyn hûs ûnderstrûpe soe?



It wetterpeil wurdt yn Nederlân meastentiids oanjûn mei it *Nieuw Amsterdams Peil*, ofwol NAP.



In hichtekaart fan Nederlân; AHN



In oerstreaming yn de 19de ieu.